

FRYSKE AKADEMY

Genealogysk Wurkferbân

Ferslach fan de gearkomste fan 11 febrewaris 2017

Der wienen 15 oanwêzigen op dizze bysûndere gearkomste op in sneon 10.30 oere yn Tresoar. Ype Brouwers, Bouwe van der Meulen, Alice van der Meulen-Van Wijk, Tineke Hartman, Sjoerd de Boer, Leo van der Hoff, Jeroen Hofstra, George Schepperle en Jan Westra wienen behindere.

Nei in wurd fan wolkom iepenet waarnimmend foarsitter Gosse van der Plaats de gearkomste. Hy leit út, dat it Wurkferbân begjin jannewaris noch dakleas, gjin foarsitter mear en in siktaris, dy't der ek mei ophâlde wol, tanksij dyselde siktaris en it (romp)bestjoer noch wol op 'e rails stiet. Hy hat it ek sa beoardere dat wy hjir hjoed yn u-foarm oan tafeltsjes sitte sa't dat alear op 'e Akademy lang it gefal west hat.

Der wienen gjin oanmerkingen by it ferslach fan 3 desimber 2016. Lysbert Bonnema freget nei de ûnbekende sark, dy't Melle Koopmans neamde. Dat giet om in reade sânstien yn de styl fan de goatyk yn Westernijtsjerk. It die bliken dat it in sark út 1496 is ornearre foar in heit en in soan Jeppama, dy't it wapen Goslinga brûke.

En dan binne wa al ta oan it diskusjestik oer de takomst fan it Wurkferbân. De respons op de dûbele oprop fan siktaris Ype Brouwers fan begjin jannewaris hat safolle fertuten dien dat wy dêr hjoed fierder mei kinne. Kandidaten foar in bestjoersfunksje binne der net direkt útkommen, mar it bestjoer, d.w.s. Gosse van der Plaats en ûnderskreaune, hawwe al praten mei in kandidaat, dy't belangstelling hat foar it foarsitterskip. Syn betingst wie dat der in bestjoer fan 6 à 7 minsken, dy't meiïnoar op wurkje, komt. Dêrom woe er earst de útkomsten fan dizze gearkomste ôfwachtsje. It wurd is no oan de leden. De foarsitter freget wa't ydeëen oer de takomst fan it Wurkferbân hat. Jan de Vries merkt op dat it Wurkferbân foar de Akademy benammen fan belang is troch it Jierboek en de ferslaggen. As lid fan de MAR kin er ek sizze dat de Akademy der no wol fan trochkrongen is, dat professionals en leken meiïnoar op wurkje moatte, en dat hja nei bûten ta mear fan harsels sjen litte moat. Meindert Tangerman stimt dêr yn mei. Melle Koopmans fernuveret it hoe'n krime oft it yn syn tiid wie om in konvokaat, ferslaggen ensf. op 'e webside te krijen, en dat soks no al wêze sil. Kees de Boer en oaren wolle ûndersykje litte wat de mooglikheden binne foar mear gearwurking mei de NGV Afdeling Friesland. Melle Koopmans as âld foarsitter fan it Wurkferbân en Jan de Vries binne ree om oan sa'n foarpetear en besprek mei de NGV diel te nimmen. Kees de Boer stelt ek út dat ek bestjoer en leden wol mear mei elkoar op arbeidzje kinne. Sa soe in lid wol in gearkomste of in reiske organisearje kinne of it ferslach skriuwe. Dêr is ek wol animo foar. Wytse Tjoelker is ree om teksten fan net betufte Fryskskriuwers nei te sjen en dy fan net-Fryskskriuwers oer te setten, en Lysbert Bonnema soe wol in reiske organisearje wolle. Meindert Tangerman wol dat de Akademy sels ek meidocht, en de foarsitter wol der op út dat de Akademy alle jierren in presintaasje fersoarget troch relevante wittenskippers út har fermidden. Oan 'e ein kommen is de konklúzje dat de gearkomste daliks gjin nije bestjoersleden opsmiten hat, mar wol de oanset om it bestjoerswurk oars te organisearjen. Der is ek noch gjin beslút nommen oer it gearkomsteplak. Oan de hân fan de opkomsten wolle de leden fêststelle wat de bêste tiid is: sneoantemoarn (Tresoar) of sneontemiddei (Wouters). Op foarstel fan Gerard Mast en byfal fan Melle Koopmans sille wy it no ek ris besykje by Wouters. Dat sil dan wêze op 22 april 2017.

Nei it skoft krijt de stifting *Erfgoed Fundaasje* te Bitgum alle romte om sjen te litten wat hja yn 'e hûs hat. Fjouwer man sterk binne hja hjir fertsjinwurdige. Harry van der Schaaf dy't krekt in jier yn it bestjoer sit nimt as earste it wurd. De stifting is in jiermannich lyn yn de

Klaaibouhoeke ûntstien út soarch foar it erfgoed, dat bedriuwen en partikulieren opboud ha, mar op in stuit dat der gjin ferlet mear fan is, betiden fuortsmitten wurdt. It is begûn mei it feilich stellen fan argyf materiaal fan inkele ierappelhannelshuzen as Hetteema, mar it kin ek gean om famyljeargiven en persoanlike oantinkens as in brief, fotoalbum, letterlape, berteleppel ensfh. De stifting giet sels it hiem op, leit de kontakten en makket ôfspraken oer skinking of ôfstean yn brûkliën. Fan it hiem nei de planke wurdt it materiaal earst opsloegen bygelyks yn argyfdoozen, ynventarisearre en foar in part digitalisearre. Mei Tresoar binne ôfspraken makke oer hoe't dat moat. En hja docht ek genealogysk ûndersyk. Al dy aktiviteiten kostje jild, dy't troch bydragen fan it bedriuw/de famylje en fûnsen betelle wurde, mar yn wêzen is de stifting in organisaasje sûnder winsteachmerk. De stifting hat al gâns materiaal fan meast boerefamyljes yn behear. It twadde part fan de presintaasje wurdt fersoarge troch de skriuwer Goasse Brouwer. Hy jout inkele priuwkes út it sammele materiaal, dat al tagonklik makke is en foar in part op 'e webside www.erfgoed-fundaasje.nl stiet. Wy fine dêr bygelyks de kolleksje Bouma fan Froubuert mei fotoalbums en de kertiersteat fan Rindertje Bouma, it argyf fan de famylje fan hynstefokkers en pikeurs Boelstra mei harren stal De Hameren te Froubuert, yn de kolleksje Boelstra ek Frysk sulver, dêr't in ekspert as Jan Schipper nei sjoen hat, en in brief yn it argyf Haadsma, de namme is ôflieden fan Haarda, dy't in tiidsbyld jout oer it kealjen fan in ko. Tsjinwurdich wurket de stifting gear mei Tresoar, dy't de kolleksjes beheart ûnder betingsten fan iepenbierheid. De minsken bepale dat sels, mar de stifting hâldt sels 30 jier nei ferstjerren oan. Op sa'n manier leveret Erfgoed Fundaasje in weardefolle bydrage oan de agraryske skiednis. Hiel wat wizer binne wy oan 'e ein fan dizze gearkomste kommen. De foarsitter betanket de sprekkers en winsket elkien wol thús. De folgjende gearkomste is op 11 maart yn it HSL.

Henk Zeinstra